

Durk van der Ploeg: In bit yn 't iis

Tryste roman oer bibleteekmeiwurker

FD 2/3 1996

Durk van der Ploeg is mei Anne Wadman ien fan dy skriuwers dy't troch de jierren hinne oan in grut oeuvre wurke hat. Al sûnt 1988 ferskynt der hast elk jier in boek fan syn hân. Sûnt 1988 skreau Van der Ploeg fjouwer romans dy't spilen yn de twadde wrâldoarloch en ien novelle dy't yn ús eigen tiid spilet. Koartlyn publisearre Van der Ploeg de psychologyske roman 'In bit yn 't iis'.

FOLKERT DE JONG

Dit nijeste boek spilet ek wer yn ús eigen tiid. Dat is op it omslach fuortdaalk al te sjen. Op it omslach sjocht men de útlenseal fan de Provinsjale Bibleteek. In modern byldskerm mei toetseboerd - op dy manier moatte besikers boeken útsykje en oanfreegje - sjocht men de foargrûn. Op de achtergrûn steane de saneamde Leidse boekjes, de katalogus dy't men foarhinne brûkte as men in boek oanfreegje woe. It ferskil tusken âld en nij, it ferline en it no, wurdt op dy manier symbolisearre.

Haadpersoan fan 'In bit yn 't iis' is mr. Tim Buma. Hy is wittenskiplik haadamtner by de Provinsjale Bibleteek. De minsken kinne him as in prezise man dy't altyd op himsels bliuwe wol. Hy is finzene fan twadde tiden, fan it ferline en fan dizze

tiid. In ienling tusken alle besikers en kollega's.

As jongfeint fan 17 jier is er 'per ûngelok' heit wurden, dat hy is al hiel jong trouw mei Aukje, de mem fan syn soan Makke. In lokkich houlik hat dat noait west. De soan is grutbrocht by Buma syn skoanâlden en is op syn achttjinde emigrearre nei Nij-Seelân. De frou fan Buma is al frij jong stoarn.

Finzenisstraf

Oan it begjin fan it boek kriget Buma kunde oan Els Slooterdijck, in frou dy't likernôch tweintich jier jonger is as him. Sy is bereizge en hat in protte meimakke yn har libben.

Buma trout mei har sûnder dat hy har ferteld hat oer syn ferline. Hy wol net dat sy wit dat hy in soan hat, want hy skammet him derfoar. Soan Makke sit yn Nij-Seelân in finzenisstraf út omdat er ien deatutsen hat.

Ynienen komt de soan werom yn it libben fan Buma. Dêroerhinne komt noch dat Buma frij ûnferwacht it fermogen om te sjen ferliest. Syn soan en syn frou kinne it goed mei inoar fine en Buma is bang dat dy twa tegearre fierder sille.

Swiersettich

Yn it boek steane in protte swiersettige filosofyske prakkesaasjes fan de haadpersoan oer himsels, wat it libben him bean hat en wat hy noch ferwachtsje kin. "Dêrnjonken hat er jierren lyn al de gedachte ûnwikkele dat er lok en libbensnocht sparret foar de takomst, lykas guon minsken jild sparje foar de bern. Syn libben wie freugdeleas, en hy wit hoe't syn emoasjes dêrby ôfflakke binne. Altyd hat er sober libbe, sûnder geniet. De gedachte it libben te



Durk van der Ploeg

Foto: Alex Bouma

sparjen foar letter, it kaptaal op rinte te setten, dêr hat er feilik frede mei hân."

Buma wachtet it op it gelok dat him nochris tafalle sil, mar hy wachtet om 'e nocht. Ek it houlik mei syn frou feroaret neat oan syn wurdearring fan it libben.

Dat houlik bliuwt trouwens in grut riedsel. It wurdt jin net dúdlik wêrom't Els Slooterdijck en Tim Buma mei inoar trouwe. Der is neat fan leafde of tagedienens te fernimmen.

Drigend

'In bit yn 't iis' is in tryst boek. De sfear en beskriuwings binne grau en

drigend. De styl suggerearret hieltyd dat der wat wankt, in yngripend barren dat it ferhaal oer de kop smyt. Ek de tekst op de achterflap tsjut dêrop. Dy ferwachting wurdt besterke troch de feuilletonachtige titels fan de haadstikken. Spitiger-nôch wachtet de lêzer om 'e nocht op in ûnferwacht en hefich foarfal. It is in frij rjochtljnich ferhaal dat ienfâldich ôfrint.

De styl is neffens my de sterkste kant fan it boek. Driging en trystens binne op elke bledside fielber. Van der Ploeg leit syn haadpersoan de prachtichste byldspraken yn 'e mûle. Spitich dat er guon fynsten twa kear herhellet, lykas "Ik wie in

jonghûn dy't krekt de nêstwaarmte field hat, mar doe fuortdien is" en "it gedicht sjit as bomiis omheech".

Fierder falt it taalgebrûk fan soan Makke op. Hy hat net studearre en amper wat lêzen, mar hy praat al like 'geleard' as syn heit en wat betreft selsynsjoch is er ek syn heit syn gelikense.

Durk van der Ploeg hat in protte nije lêzers krigen dy't syn 'oarlocks-sykus' tige wurdearren. Dy minsken sille wol wenne moatte oan dizze tryste psychologyske roman.

Durk van der Ploeg, In bit yn 't iis, 199 siden. Utjouwerij: Friese Pers. Priis: f 24,50